


NIJSBRIEF



Utjefte fan de feriening Freonen fan Omrop Fryslân

NR 1 | MAART 2026



FAN IT BESTJOER

Bêste Freonen fan Omrop Fryslân.

Hjir is wer de Nijsbrief om jim wat te fertellen oer wêr't wy as bestjoer mei dwaande binne. Fierderop fine jim de útnûging en de wurklist foar de Algemiene Leden Gearkomste op 22 april. Wy hoopje fansels dat jim manmachtich opkomme om mei-inoar de noadige besluten te nimmen. Wy binne bliid dat der wer in lid is dy't him beskikber stelt om ta te treden ta ús bestjoer. Ek ús direkteur sil ús byprate oer wat der allegearre spilet yn de

organisaasje. Oer Hea sille wy útlis krije fan de wurkwize om dat programma stal te jaan. Lykas wenst is, is ek de ferdividaasje net fergetten. Folkert Hans sil ús op syn bekinde muzikale wize fermeitsje. Dus ik soe sizze: allegearre op nei it Omropgebou op 22 april. Sa as jim faaks al heard ha, wurdt der yn in spotsje in oprop dien om lid te wurden fan de Freonen fan Omrop Fryslân. Mei de stimmen fan Syb van der Ploeg fan de Kast en sjongeres Iris Kroes as stipe, hat Johan Terpstra it spotsje ynsprutsen. Sa't it liket hat it al in tal nije leden oplevere.

Ferline jier ha der in stikmennich leden by de Omrop west om oer radioprogramma's te praten en sy ha ek in rûnlieding hân. It doel is om soks ek in kear foar de telefyzjeprogrammearring te organisearjen. Ik soe sizze, hâld it goed yn 'e gaten en as de berjochtjouwing hjiroer nei bûten komt, jou jim op. Ik hoopje dat dizze Nijsbrief mei nocht lêzen wurdt en dat wy elkoar treffe op de ledengearkomste op 22 april.

Mei FREONLIKE groetnis fan it bestjoer.

KOART JIERFERSLACH 2025

Wy hawwe yn it jier 2025 fiif kear by elkoar west. Op 16 april wie ús algemiene ledegearkomste yn Ljouwert by de Omrop. Nei it offisjele diel en nei it skoft hat Sybren Terpstra, einredakteur projekten en plakferfangend haadredakteur yn it koart ferteld wat der allegearre feroaret yn medialân. Dêrne hat Yung Frysk fertelt oer harren wurk op sosjale media, in foarum wêryn't de jongerein koarte filmkes makket en presintearret.

Aktiviteiten

Us leden koene yn jannewaris nei de try-out foarstelling fan Pier21 "de avond". Om in útstjoering te meitsjen fan "de Helden van Heerenveen" hawwe wy as freonen jild sponsorre. Hjirtroch koene 100 fan ús freonen nei dit fuotbalfest. Op 7 augustus is der wer in dei nei it skûtsesilen op 'e Lemmer foar de freonen hâlden. Peter de Jong, earder foarsitter fan de SKS, wie mei om de ins en outs fan it skûtsjesilen út te lizzen.

Op 9 septimber waard der troch de

Omrop foar de freonen in middei organisearre om te sjen hoe't in radio-programma makke wurdt en om dêroer mei elkoar oer te praten. Wat wolle de harkers graach hearre en hoe komt de Omrop ta de goede muzyk. Mar ek de Fryske taal en hoe't we de jongerein belûke kinne by de Omrop kamen op it algemint.

De Kast joech op 12 novimber yn gearwurking mei it NNO in jubileumkonsert. De Omrop hat hjir opnames fan makke dy't wy as freonen sponsorre hawwe. Hjirtroch mochten wy 20 frijkaarten ferdiele ûnder de freonen.

Finansjeel

Yn 2025 is der in posityf resultaat behelle fan € 5.807. Wol moatte we derby sizze dat we yn dit jier twa kear in bedrach fan € 5.000 sponsorre: De Kast en de Helden van Heerenveen. Dizze bedragen binne ôfboekje fan de post Reservearringen.

Dêrneist hawwe we yn septimber in ferkeard ynknassobestân brûkt wêr-

troch't der minder ynknassearre is. Fanôf 2026 wurde de ledeadministraasje en de ynknasso fanút in oar pakket dien.

Leden

We hawwe dit jier dwaande west mei in nije wize fan ledewinnen troch in reklamestopper op de radio, yn sprutsen troch Johan Terpstra mei help fan Syb van der Ploeg en Iris Kroes. Dizze wurdt mei yngong fan 2026 sa no en dan útstjoerd op 'e radio.

Bestjoer.

Yn it bestjoer hat Wiebe van Vliet sûnt april 2025 offisjeel dielnommen oan it bestjoer fan de freonen.

It bestjoer:

Foarsitter	: Akkie Lindeboom
Sekretaris	: Gretha van der Meulen
Ponghâlder	: Geert Kingma
Algemiens	: Aebe Tuininga
Algemiens	: Hylke Beerstra
Algemiens	: Wiebe van Vliet





FRYSLÂN HJOED YN IN NIJ JASKE: FLOTTER, FISUELER EN TICHTEBY

It regionale tv-sjoernaal Fryslân Hjoed fan Omrop Fryslân hat sûnt ein jannewaris in fernijde opset. Oanlieding dêrfan is it feroarjende mediagebrûk fan sjoggers en nije wetjouwing foar regionale omroppen.

Neffens Ingrid Spijkers, haadredakteur Omrop Fryslân binne in soad sjoggers tsjin de tiid dat it sjoernaal begjint al op 'e hichte fan it nijs. "Fia websiden, apps en sociale media bliuwe minsken de hiele dei troch ynformearre. Dat ropt de fraach op wat de funksje fan telefyzje op dat stuit noch is en dat freget om in oare oanpak. Radio en telefyzje bliuwe wichtich, mar we

moatte wol mei de tiid mei", seit Spijkers. De fernijde Fryslân Hjoed hat dêrom in lossere toan, koartere nijsitems en mear grafyske eleminten. Ek sille ferslachjouwers faker sels yn byld it ferhaal fertelle.

Earst online, dêrnei op telefyzje. In wichtige feroaring is dat nijs tenei earst makke wurdt foar onlinekanalen. "Items wurde yn earste ynstânsje ûntwikkele foar webside, apps en sociale media en dêrnei geskikt makke foar telefyzje. Dat wie eartiids krekt oarsom." De presintatoaren bliuwe in fêst ûnderdiel fan it programma. Arjen de Boer hâldt op, mar Jantine Weidenaar, Lars de Leeuw en Timo Jepkema bliuwe it sjoernaal presintearjen. "In

presintator yn byld makket it nijs persoanliker en soarget foar mear binning mei it publyk."

It oersjoch fan de dei

Ynhâldlik wurdt Fryslân Hjoed mear in oersjoch fan it nijs fan de dei. "In stevige gearfetting", neamt Spijkers it. Oan de fernijing gie wiidweidich ûndersyk foarôf, wêrby't sjochsifers, publyksanalyses en foarbylden fan oare omroppen bestudearre binne. "It is in algemiene ûntwikkeling yn medialân en dêr bewege wy yn mei."

Fryslân Hjoed is fan moandei o/m sneon fan 17.00 oere ôf te sjen, online en op telefyzje.

WÊS DER BY OP DE ALV!

Op 22 april fynt wer de jierlikse Algemene Ledengearkomste fan de Freonen fan Omrop Fryslân plak. It wurdt in jûn mei ynformaasje, ynsjoch én ferdivedaasje.

As bestjoer diele wy graach mei wêr't wy as freonen steane. Direkteur Houkje Rijpstra is oanwêzich en praat oer de ûntwikkelingen binnen Omrop Fryslân. Dêrneist in bysûnder ynsjoch yn it suksesfolle programma Hea! Hoe

wurdt it makke en hoe slagget Omrop Fryslân der yn om it súkses fierder út te bouwen fia kanalen lykas YouTube?

En fansels is ek oan ferdivedaasje tocht. Folkert-Hans Tolsma soarget foar in muzikaal slot mei trompet, sang en saksofoan spilet hy syn werkenbere Fryske hits as Cha Cha Cha en Simmerjûn, én klassike fertolkingen fan bygelyks Il silenzio.



Us wurklist:

19.15

1. Ynrin: Kofje mei wat lekkers

19.30

2. Wolkomstwurld

3. Meidielingen

4. Jierferslach

5. Finansjeel ferslach

6. Ferslach kaskommisje.

7. Beneamen kaskommisje

8. Bestjoersferkiezing:

- Oftredend: Aebe Tuininga

- Kandidaat en ferkiesber: Minne van Wieren

Tsjinkandidaten kinne har melde oant 15 april fia freonen@omropfryslan.nl

20.15

9. Direkteur fan Omrop Fryslân Houkje Rijpstra mei nijs fan de Omrop

20.35

10. Skoft mei kofje en tee

21.50

11. Utlis oer it programma Hea

21.30

12. Muzikale ôfsluting mei Folkert Hans.

Wy rûnje de jûn ôf ûnder it genot fan in hapke en in drankje.

Wy soene it moai fine dat jo derby binne en wolle graach witte op wa't wy rekkenje kinne.

Opjaan foar 15 april fia freonen@omropfryslan.nl

Oant 22 april!